

Plúske yn 'e nâle

ik tink noch altyd
oan it plúske yn dyn nâle
dat dêr altyd sitten bleau
der nea fansels út rôle
soms wie it blau of griis
soms read

eigenaardich eigentlik
sa'n plúske yn 'e nâle
mar by dy heart it gewoan
krekt as bûter by de bôle
troch dat plúske joechsto dy noait
echt bleat

mar no't ik wit hoe slim it is
om sûnder dy te libjen
mis ik dat plúske dochs sa bot
en fansels ek wol de rest
wat wie dat foar idee fan dy
om sa hommels te ferhúzjen
sa krige ik net de kâns
om dy goed út te plúzjen